

# Sensitivity training

útbrocht op de LP/CD Húske

hy hie syn triennen op sterk wetter  
hy hie al syn flokken ûnder it iis  
fan him gjin sucht en gjin geketter  
syn wurden wiene nooit ris rûch of fiis  
syn gefoelens, syn fertriet en syn frustraasjes  
stiene op in planke lykas nij  
en dageliks kamen dêr de argewaasjes  
en fuortstoppe emoasjes nochris by

A D7 G  
C7 D7 A E7  
A D7 G  
C7 D7 E  
F#m Bm G#7  
Bm7 Dm7 F# A7  
F#m Bm G#7  
Bm7 Dm7 A E7

hy krige op in dei ferkearing  
ja, se liken foar elkoar bestemd  
sy hie foar him in bult wurdearing  
mar se fûn him wol wat 'te geremd'  
se woe syn sensitivity wol traine  
want oars rûn de ferhâlding dochs mar klem  
en ja, nei tolve muoiseue wykeinen  
skeaten syn gefoelens fan de rem

'skat, kom ris hjir, dan sil'k dy pakke!  
en dan bliuwt it grif net by in tút!  
beestachtich hat er har ôfmakke  
en doe't se dea wie smiet er har troch't rût  
flokkend, razend, rûn er oer de strjitte  
de tiid fan selsbehearsking wie foarby  
hy moat no sân jier ûnfoarwaardelik sitte  
mar it let him neat, want hy, hy fielt him frij!

© Doede Veeman